



Tsjerkenijs

9e jaargang-nr.6

nov 2018



**Hervormde Gemeente Blija - Hogebeintum
en
Gereformeerde kerk Blija**

Hervormde gemeente Blija-Hogebeintum

Pastoraat : drs. Tjallingii Eilânswei 20, 8854 AV Oosterbierum
tel. 0518-419941 tjallingii2@zonnet.nl

Preses: Binne Reitsma J. Doornbosstrjitte 14, 9171 LP Blije
tel. 562707 9171lp14@hetnet.nl

Ouderlingen : Ellert Jongstra Foarstrjitte 24C, 9171LV Blije tel 562732
e.jongstra1@upcmail.nl
mw. G. Drost-Kooistra, Zwarteweg 11, 9171 LK Blije
tel. 562587

Diaconie: mw. Y. Broersma-Bakker, Farebuorren 31, 9171 MA Blije
tel 561572 E-mail: ymkje.broersma@planet.nl
Adm gironr. diaconie
IBAN: **NL64 INGB 0003 9162 13**
dhr. E. Hoogeveen Voorstraat 11, 9171 LT Blije
tel. 561834

Kerkvoogdij : dhr. H. Broersma (**scriba**), Farebuorren 31 , 9171 MA Blije
tel 561572 E-mail: hein.broersma@planet.nl
dhr. C. Burgler (adm), Hendrik Kroesstrjitte 4, 9171 MJ Blije
tel. 561699 E-mail: c.r.burgler@hetnet.nl

adm. banknummer kerkvoogdij
IBAN: **NL69 RABO 0320 2357 77**

Grafdelver : dhr. P. de Jong, Haven 5, 9171 LX Blije, tel 562262

Website: <http://blija-hogebeintum.protestantsekerk.net>

Het volgende nummer van Tsjerkenijs verschijnt in de week van 15 december 2018

Voor Hervormd Blija-Hogebeintum

Redactie Ellert Jongstra, tel 562732 e.jongstra1@upcmail.nl
Binne Reitsma tel 562707 9171lp14@hetnet.nl

Kopij inleveren voor maandag **10 december 2018**

Bij voorkeur per e-mail

Pylgerreis

By it wurd pylger of pelgrim moast ik altyd fuortendaliks tinke oan dat liet: Waarheen pelgrims waarheen gaat gj? We songen dat graach op de sneinsskoalle, mar ik tink earder fanwege it hearlik úthelje en de wjerhelling fan de lêste rigels: naar de blijde zalen van Gods huis in 't Vaderland. It gean fan in pylger is eins, net it doel, mar de reis dêrhinne. We kinne dêr ek oer lêze yn it boek fan Bunyans Kristenreize. It giet oer it libben fan in minske wat hy dêr allegear tsjinkomt en oerwinne moat. Wylst at it ús faaks giet om it doel om earne west te hawwen. De hjoeddeiske ûnderfining fan in pylgerreis is in de measte gefallen ek net it doel, it hillichdom berikke, fansels it einpunt is der wol, mar it giet om de wei sels dy't men gean moat. Hoe gean wy troch it libben, troch wat en troch wa litte wy ús liede. Of rinne we samar wat yn in rûntsje, sûnder ús earne op te rjochtsjen. Yn de Bibel wurdt fertelt oer Jezus' libbensgong, it is ek in gean fan in wei en de folgelingen fan Jezus waarden yn it earstoan ek de minsken fan 'e wei neamt. It giet yn it libben dus net yn it foarste plak om it berikken fan in doel of om samar te sizzen om yn de himel te kommen, it giet derom hokker wei at wy gean. Libje wy allinne foar ússels, op hokfoar wize meitsje wy wat fan ús libben? De Bibel neamt dat de wei fan it keninkryk gean. De Bibel wiist ús in rjochting en kin ús derby op oare tinzen bringen. Jezus is derby foar ús in learaar en tolk en tsjûge fan it ferhaal fan it betrouwen op God. Syn wize fan libjen hat by in soad minsken wjerklank krigen. Hy woe der foar de minsken wêze, brea foar hungerigen, syn libben priis jaan foar oaren, it wie solidariteit oan de ein oan ta. Der binne no noch fan dy minsken en we kinne se fine yn alle tsjerken en dêr bûten. Se gean har wei en folgje dermei Jezus, yn betrouwen op God dat er foar elk minske echt libjen mooglik is.

EJ

Kerkdiensten Hervormde gemeente Blija-Hogebeintum

Snein 4 nov FOW Hegebeintum
09.30 oere dhr. W. Tjerkstra, Snits
Kofje drinken nei de tsjinst



Zondag 11 nov Nicolaaskerk Blije
09.30 uur ds.J. Bakker, Feanwâlden

Zondag 25 nov Nicolaaskerk Blije
09.30 uur Laatste zondag Kerkelijk jaar
ds. E. Jongstra, Blije
m.m.v. Willibrorduskoor
koffiedrinken na de dienst



Snein 2 desimber FOW Hegebeintum
09.30 oere ds. L.H. Westra, Lollum

Zondag 9 dec Nicolaaskerk Blije
09.30 uur da. T. Reichman-Scheffer Tytsjerk



Oecumenisch Leesrooster

4 nov	7 ^e van de herfst	Job 19, 23-27a; Mar 12, 18-27	groen
11 nov	8 ^e van de herfst	Lev 19, 1-2.9-18; Mar 12, 28-34	groen
18 nov	9 ^e van de herfst	Ex 30, 11-16; Mar 12, 38-13,2	groen
25 nov	I. van het kerk jaar	Sef 1, 14- 2, 3; Mar 13, 14-27	paars of wit
2 dec	1 ^e van Advent	Zach 14, 4-9; Luc 21, 25-31	paars
9dec	2 ^e van Advent	Mal 3, 1-4; Luc 3, 1-6	paars
16 dec	3 ^e van Advent	Sef 3, 14-20; Luc 3, 7-18	paars

Kerkdiensten Gereformeerde kerk “De Haven”



Zondag 4 nov.

11.00 uur

Ds. Th. Korteweg, Ferwert
Collecten: 1^e Zending; 2^e Orgel
Bernetsjerke: Geesina en Gerda

Zondag 11 nov. *Voorbereiding Heilig Avondmaal; Dankdag*

11.00 uur

Ds. J.W. van Dijken
Collecten: 1^e Diakonaat; 2^e Onderhoud

Zondag 18 nov. *Viering Heilig Avondmaal*

11.00 uur

Ds. J.J. Th. Meijer, Bennekom
Collecten: 1^e Avondmaal; 2^e Kerk; 3^e Interieur
Bernetsjerke: Sjoukje en Annet

Zondag 25 nov. *Laatste zondag kerkelijk jaar*

10.00 uur

Ds. Ds. A.J. van der Wiel, Leeuwarden
Collecten: 1^e Kerk; 2^e bloemen
Koffiedrinken na de dienst
Bernetsjerke: Evelien en Eke

Zondag 2 dec. *1^e Advent*

11.00 uur

Ds. E. van der Veer, Ferwert
Collecten: 1^e Miss. werk; 2^e Diaconie
Bernetsjerke: Wytske en Gerda

Zondag 9 dec. *2^e Advent*

11.00 uur

mevr. M. Folbert-van der Heijde, Ternaard
Collecten: 1^e Pastoraat; 2^e Kerk
Bernetsjerke: Annet en Evelien

Zondag 16 dec. *3^e Advent*

11.00 uur

Ds. D. Schreurs, Hegebeintum
Collecten: 1^e Kerk; 2^e Orgel
Bernetsjerke: Eke en Sjoukje

Yn Memoriam Jan Oppedijk

* Hegebeintum 14-5-1945

† Ljouwert 15-10-2018

Mei de wurden fan Preker dy't sa werkenber binne foar in elk fan ús, ha wy Jan yn in tsjinst yn de Nicolaastsjerke foarôfgeand oan de kremaasje betocht. Der is in tiid om berne te wurden en in tiid om te stjerren. Sa wie it ek mei it libben fan Jan Oppedijk, deryn is fan alles bart sa't Preker seit: plantsje en bouwe, skrieme en laitsje, dûnsje en ferkearing krije en trouwe, in gesin ha mei alle ups en downs. Jan is berne yn Hegebeintum, wêr't syn heit in bakkerij hie. Mar syn heit ferstoar doe't er 50 jier âld wie en de jongens noch jong wiene. Dochs moast der brea op de tafel komme en de bakkerij draaiende holden wurde, elk moast mei helpe. Yn de winter fan '62-'63 hie Jan froastferlet en koe moai helpe yn de bakkerij, mar hja holden dat net langer fol en kaam der in ein oan de bakkerij. Jan besocht de legere skoalle yn Ferwert en letter de ambachtskoalle yn Ljouwert. Hy wie nei de ambachtskoalle oan it wurk gien by Meint van der Wal in oannimmer dy't hûzen bouwde yn Lauwerseach en doe't dat ophold gong wurkje by oannimmer Borringa. yn Ljouwert.

Doe't der in fakature wie by de gemeentewurken moast hy dêr mar op skriuwe en sa kaam Jan yn 1978 by de gemeente te wurkjen wêr't er tritich oan it wurk west hat.

Jan hat altyd warber west en stie foar elkenien klear om guon mei de auto op te heljen of fuort te bringen. Neat wie him tefolle en derby waard hy stimulearre troch syn frou Akke.

Hja hiene inoar moete yn Feanwâlden by it dûnsjen yn de seal fan it café Plantinga. Hja trouden op 30 maaie 1969 yn de Skierstins yn Feanwâlden en setten har ta wenjen yn Ferwert wêr't nije hûzen bout wienen.

Sa wie der foar Jan en Akke ek in tiid om te gûlen en in tiid om te dûnsjen, want It libben wie net altyd like rooskleurich, har jongens Hille-Jan en Hendrik waarden dêr berne en letter nei't hja nei Blije ferfarden en in eigen hûs kochten, waard Nies dêr berne.

Jan wie foar Akke en syn jongens soarchsum en stie altyd klear om wat foar har te dwaan. Neat wie him tefolle, oeral woe er wol helpe.

Hy wie earlik en oprjocht en hy die syn wurk by de gemeente sekuer en syn kollega's hiene waardearring foar him.

Doe't hy mei de Fut koe hie hy sein dat er syn hammer oer de dyk smite soe as er op hâlde koe mei wurkjen. Hja kamen op syn lêste wurkdei mei alle rollende materiaal by syn hûs oan om him op te heljen en nei de sêdyk te riden om dêr syn hammer oer hinne te smiten.

Hy wie spiler by de tonielvereniging yn Ferwert en letter jierren lang by de tonielgroep yn Blije. Hy wie bestjoerder fan de begraffenisferiening yn Hegebeintum en drager yn Blije.

Syn moaie basstim liet er hearre op it koar en holp Akke by it skjinmeitsjen en klear setten tsjerkegebou fan de dingen dy't noadich binne foar in tsjinst. Hy koe goed mei materiaal omgean en at der wat noadich wie dat yninoar set wurde

maost dan stie Jan klear om dat te meitsjen foar Peaske of foar Tsjerkepaad om wat op te hingjen.

Hy utere him op syn wize oer it leauwen, dat die er net mei wurden, mar dat die er mei syn hannen en syn ynset foar oare minsken

Mei synn leafde en tagedienens hat er syn libben ynhold jûn. In freonlike, joviale man, dy't foar elkenien klear stie.

Wy begripe it somtiden net werom God bepaalde dingen barre lit. Dochs is der foar alles in bepaalde tiid. Genietsje fan it libben op de tiid dy't God ús jûn hat, libje op goede en kweade dagen om't wy it ûntfange meie út syn hân. Dat hat Jan Oppedijk dien, God earje op syn wize en mei syn persoan, mei syn leafde en sjongen. Litte wy ek sa Jan Oppedijk betinke en syn namme bewarje yn ús hert. Syn namme stiet skreaun yn de palm fan Gods hân en yn ús ûnthâld..

Ds. Ellert Jongstra

Gemeentenieuws Hervormde gem. Blija-Hogebeintum

Dizze kear set ik útein mei it berjocht dat Jan Oppedijk op 15 oktober tige ûnferwachts ferstoarn is. Altyd warber foar ús gemeente, wie der in putsje, Jan woe altyd wol even helpe. Dy ynset sille wy misse. Akke en de bern moatte fierder sûnder Jan, in protte sterkte tawinske. In Yn memoriam stiet yn dit tsjerkenijs. Yn septimber hawwe wy in kontrakt tekene foar pastoraat op maat. Dûmny Tjallingii sil dat foar ús fersoargje. It kontrakt is earst foar trije moanne, dêrnei sil it evaluatearre wurde. In koart ferslach fan de gemeentemiddei op 26 septimber folget hjirûnder. Op snein 30 septimber is dûmny Timmer befêstige as predikant fan PKN Burdaard, it is beneaming foar 50 %. De oare helte fan syn beskikbere tiid is hy predikant yn Twizelerheide. Op moandei 8 oktober hawwe wy tsjerkerie hâlden. Nei it wolkom, lêze wy neffens it roaster. Dan folgje de ynkommen stikken. Hjirby is al in skriuwen foar it materiaal yn de 40-dagetiid. Ek is der in folder foar it krystnûmer fan de Open deur. De rekkens fan diakony en tsjerkrintmasters binne goedkard. No't de beammen wer op snoeid binne, kin it paad opknapt wurde, hjir en dêr sille der wat skelpen by moatte. We sjogge werom op de tsjinsten yn septimber en sjogge foarút nei de tsjinsten yn oktober. De 14^e is it mienskiplik GK en HK en de 28^e fersoarget de diakony de tsjinst. By beide tsjinsten is der kofjedrinken. Op 4 novimber is der wer tsjinst yn Hegebeintum. Dan jout Gryt it stokje troch oan Ellert as âlderling fan tsjinst yn Hegebeintum. Foargonger is dhr Tjerkstra en nei ôfrin is der kofjedrinken yn it lokaal op de terp. Middeis sil it konsert fan it Willibrorduskoor plakfine. Dan besjogge wy it preekroaster fan 2019, dat is fierhinne ynfolle. Wy oerlizze oer de gift/liening foar de minsken fan Nijkleaster. Der is berjocht fan ferhuzjen ynkommen fan frou Heeringa. Dan prate wy oer hoe fierder mei ús eigen gemeente, dit ûnderwerp bliuwt ek de kommende kearen op de agenda stean. Dan folget de rûnfraach en wy slute ôf mei it lêzen fan liet 801, de kûpletten 4, 5, 6 en 7. Us folgjende gearkomste sil wêze op 26 novimber. BR

Liet 801 it 4^e kûplet út it Fryske Lieteboek:

*Want ús hert, it paad soms bjuster,
is fan Gods genede wis;
't giet de krústocht troch it tsjuster
nei in dei dy't ivich is.*

Gemeentemiddei

Op woansdei 26 septimber fan 15.00 oere ôf hawwe wy de gemeentemiddei hâlden yn de konsistoarje fan de Nicolaastsjerke. It rûntsje om de tafels wie moai beset. Nei it begjin mei lêzen en sjongen krigen de mannen fan Nijkleaster it wurd. Henk Kroes lit ús bylden sjen en docht it ferhaal oer it doel en de mogelijkheden dy't der komme sille as der genôch jild op it kleed komt. Nijkleaster stiet foar stilte, besinning en ferbining. It plak is midden yn Fryslân yn de landerijen. Der komme minsken te wenjen, û.o predikanten dy't ek meiwurkje sille oan it projekt, dêrnjonken komme der útfanhûzersplakken. Op dit stuit wurket Nijkleaster noch fan Jorwert út, inkelen fan ús hawwe de kuiertochten wol meidien dy't op woansdei hâlden wurde. It moat in plak wurde foar moeting en liturgy. De fraach oan ús gemeente is oft wy dêr ek in bydrage oan jaan wolle of in liening. Dêr hawwe wy ek meielkoar oer diskusearre. Nei dizze bydrage fertelt dûmny Tjallingii oer it pastoraat op maat dat hy foar ús fersoargje sil. Dan folgje de rekkens fan it ôfrûne jier en de begrutting foar kommand jier fan diakony en tsjerkrintmasters. Dan wurde de gemeentesaken behannele en is der gelegenheid om fragen te stellen. Om seis oere is it tiid foar in bôle miel mei sop foarôf, lekker klear makke troch Dineke. Nei it miel slute wy ôf en wurdt elk betanke foar syn ynbring oan dizze middei. BR

Collecten 3^e kwartaal 2018

08-07	Kerkvoogdij	€ 60.45	Diaconie	€ 45.70	Kerk in actie	€ 68.25
22-07	Kerkvoogdij	€ 33.50	Diaconie	€ 29.00		
12-08	Kerkvoogdij	€ 65.85	Diaconie	€ 51.00		
26-08	kerkvoogdij	€ 26.50	Diaconie	€ 21.00		
09-09	Kerkvoogdij	€ 26.50	Diaconie	€ 17.00		

Bijdrage onkosten kerkblad.

In dit kerkblad vindt u een enveloppe om een bijdrage te geven voor de kosten van het Kerkblad.

De kerkrentmeesters vragen u om een bijdrage van minimaal € 10.00 om de kosten te dekken. De enveloppe wordt weer bij u opgehaald.

De kerkrentmeesters..



Agenda:

- | | |
|-----------|---|
| 15.30 uur | concert Willibrorduskoor, ontvangst met koffie en thee
collecte voor de onkosten |
| Ma 26-11 | 19.45 oere, tsjerkerie yn de konsistoarje |